



## Praktyknetwurk Foerbeammen

### Tapassingen fan beammen en strewelleguod yn it Agrarysk lânskip

Beammen en beamkeguod ha, sûnt it ûntstean fan de lânbou, in yntegraal ûnderdiel foarme fan it boerebedriuw. Beammen leveren nuttige produkten lykas brânhout, klompéhout, bouhout, tiennen foar kuorren, stâlen foar ark en neam mar op. Tagelyk tsjinne it ek as beplanting om hûs en hiem en feekearing. It griene blêd en de jonge knoppen waarden fretten troch it fee en ek tige wichtich: beammen en strewellen wurde tige wurdearre troch it fee as skûlplak tsjin de felle sinne, rein en hurde wyn.

Dêr't men eartiids gjin weet fan hie, wie dat beammen en strûken tagelyk en sûnder mis ûnderdiel wiene fan in útbalansarre ekosysteem, foarme troch in min ofte mear sletten omrin (sirkelgong). Lykwols mei it ferdwinen fan de nutfunksje, ferdwine de beammen fan it hiem en bedriuw en dêrmei ek út it lânskip yn Nederlân. It gefolch dêrfan is in ferearming fan it bioferskaat en lânskiplike wearden, mar ek in ferearming fan de kennis oer it nut fan beammen en strewellen op it bedriuw.

### Profyt

Mei de tylt fan foerbeammen komt men útspieling fan mineralen nei de sleat tefoaren en boppedat ûntstiet in himmel lânskip. Dêrnjonken fariearje feehâlders op dizze wize it rantsoen fan ko en geit. It restprodukt kwytsels is grûnstof foar kompost en griene enerzjy.

### Tûke tapassings

Koartlyn is it Pratyknetwurk Foerbeammen en multyfunksjoneel Lângebrûk yn oparbeidzjen mei agraryske ûndernimmers en ûndersikers om ta nije, praktyske en snoade tapassings te kommen, opstarten. It projekt wurdt stipe troch it Ministearje fan EL&I, it Europeesk Lânboufûns.

### Griene enerzjy

It Praktyknetwurk Foerbeammen en Multyfunksjoneel Lângebrûk kombinearret ferskate funksjes op in agrarysk bedriuw. Troch de multyfunksjonaliteit sintraal te stellen, wurde addisjonele bedriuwaktiviteiten rindabel en duorsum ynfolle. Sa is enerzjywinning út kwytsels yn Nederlân no noch te djoer. Troch houtich gewaaks te skiftsjen dat ek as bistefoer gaadlik is en boppedat de nutriïnteútspieling dêrtroch minder wurdt, biede foerbeammen (ûnder oaren de wylch en swarte els) in soad perspektyf. Ek wetterskippen en natuerorganisaasjes winne hjirby: ferbiningssônes, fariaasje yn floara en fauna, mear natuerbelibbing en skaadfoarming yn sleatten.

## Beneikommen fan it systeem


Tweintich boeren fan de Stichting Duinboeren binne, ûnder lieding fan ûndersikers dy't wend binne om tûkelteammen yn 'e lânbou út systeemtinken wei benei te kommen, aktyf yn it nije praktyknetwurk. "Troch de tapasberens fan foerbeammen trije jier lang te testen en te demonstrearjen hat men fuort sicht op wat wurket en wat net," seit Nick van Eekeren, senior ûndersiker by it Louis Bolk Intituut. "Dat krekt de Duinboeren mei dit projekt starte is yllustratyf: Sy sykje fanâlds om yntegraasje fan lânboukundige aktiviteiten mei natuer en lânbou.

Oersetting: Gryt Vonk – Boersma

Sjoch foar mear ynfo:

Nick van Eekeren ([n.vaneekeren@louisbolk.nl](mailto:n.vaneekeren@louisbolk.nl)) or Mark Vonk ([mark@duinboeren.nl](mailto:mark@duinboeren.nl))

[www.louisbolk.org](http://www.louisbolk.org)



[www.duinboeren.nl](http://www.duinboeren.nl)

